



LIGE AS IN WACHTER

(Die Gedächtnislücke)

Klucht yn trije bedriuwen fan

BERND GOMBOLD

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

Nederlânske tekst fan

H. Drukker

Nederlânske titel

De vernikkelaar

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **LIGE AS IN WACHTER - DIE GEDÄCHTNISLÜCKE** gaan opvoeren, dienen in alle programma-boekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **BERND GOMBOLD** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2017 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **10** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

RINUS - in boargemaster ûnder spanning, de druk fan it amt is him eins te swier, hjirtroch hat er in koart lontsje.

HELMA - syn meilibjende frou, se wurdt lykwols swier op de proef steld.

SYP - boade op it gemeentehûs, mar ek de man fan de putsjes, leaver lui as wurch, hy hat in net te stuitsjen fantasije, in nonsjalant en ûnfersoarge type.

MARION - sekretaresse fan de boargemaster, hat de hannen fol oan it fersoargjen fan syn represintatyf foarkommen en oan syn sûnens.

JANS - lichtleauwige âldere winkelfrou, is der op út om oan de klanten net allinne har guod, mar ek de lêste nijsjes te sliten.

LOADEWYK - foarsitter fan de boereblaaskapel en de fokferiening foar plomfee, boppedat grutske eigener fan in bekroane hoanne.

AMANDA - swier oer it hynder tilde kakmadam, net hielendal goed by de holle, foaral at it giet om har hûntsje Nefertete.

EMILIUS - har slaafske man, dy't syn leven oan har side as stokdweil en paljas, folslein willeas, duldsom en sûnder protteljen draacht.

SOETHOUT - lit him professor neame, mar is miskien wol psychiater, mar hy is seker en wis folslein trochdraaid.

ROSALIE - âlderwetsk skommeltsje dy't de bêste jierren achter har lizzen hat en flitich siket om in levensgesel, mar mei genôch selskennis om te beseffen dat se hjiry net al te krekt wêze kin.

DEKOR:

It stik spilet yn in eardere wenromte dy't omboud is ta kantoar. Tusken tiids is der gjin dekorwiksel noadich en it dekor wurdt beskreaun as út de seal wei sjoen. Yn de koarte kant rjochts midden in doar nei de oare fertrekken fan de wenning. Yn de brede achterwand, in bytsje rjochts fan de midden, in doar nei bûten. Rjochts dêrfan in rût dat iepen kin en útsicht jout op de huzen der tsjinoer. Achteroan, in bytsje links fan de midden, it grutte buro fan Rinus mei de spullen dy't der op hearre, mar wol kreas opromme. Links dêrfan, it lytsere buro fan Marion, in bytsje skean op dat fan Rinus, mei dêrop in kompjûter, in telefoan en fierder wat in sekretaresse brûke moat. Wol kreas opromme. Rjochtsachter, ek in bytsje skean, de tafel fan Syp. Dizze is besiedde mei alderhanne paperassen en mappen, pakken brieven en neam mar op. It is ien grutte rotsoai. Under of neist it buro in grutte papierkoer dy't oan boppen ta fol sit, it is der sels oerhinne gongen. Yn it earste bedriuw stiet foar dizze tafel in doaze mei adressearre brieven. Achter de buro's en de tafel in stoel. Rjochtsfoar op it toaniel is in beskieden sithoekje. Tsjin de wanden ien of mear kasten mei mappen. Achter in tal fan dizze mappen stean flessen mei drank. (*jenever*) Yn it earste bedriuw moat der ien flesse heal leech wêze. Boppe de doar midden hinget in foto fan Willem Alexander. Fierdere oanklaaiing nei eigen goedtinken.

Googleje op ôfbyldings mei "Die Gedächtnislücke" as ynfier en jo krije in skat oan foto's te sjen fan ferskate dekors.

EARSTE BEDRIUW

(Syp sit oan de tafel te sliepen, mei de holle op de earmen)

RINUS: *(op, de moarnsjas noch oan, gappet en stint oanienwei, hâldt no en dan it liif beet en fielt oan de holle)* Wie my dat wer in nacht!

HELMA: *(op, mei in blêd mei tee en kopkes, in beskút, twa glêzen wetter en de noadige doaskes mei pillen, set it blêd op it buro)* Hjir is dyn kamelletee en dit binne dyn pillen. De reade tsjin opwining, de griene foar at de reade net helpe, en de giele binne tsjin in maachswolm.

RINUS: En de blauwe?

HELMA: Ja, ja, dy tsjin de stress sitte der ek by. Nim dêr daliks mar trije fan. Lit dy tee net kâld wurde en yt dyn beskút op. Atst al pineholle krijst dan lizze der aspiryntsjes yn it boppeste laad. Ferjit net om dy te skearen, de tosken te poetsen en dy oan klaaien. Do kinst hjir sa net omrinnen bliuwe.

RINUS: Ik bin hielendal kapot. Ik ha gjin each tichtdien fannacht.

HELMA: Gjinn wûnder. Salang atst boargemaster bist wurdt it mei de dei slimmer. Do sjochst de problemen fan de minsken as dyn eigen problemen. Al it oare komt op it twadde plak.

RINUS: Ik **bin** no ien kear boargemaster en yn dy funksje moat ik my bekommerje om it wolwêzen fan de minsken.

HELMA: Rinus, sa'tsto it dochst dat is net normaal. Nachts sliepst net en oerdei hingest yn de stoel as in wilige begoania. Ik mis de man dy't ik hie, doe'tst noch **net** boargemaster wiest.

RINUS: En ik mis de begripende frou dy't ik hie doe't ik boargemaster wurden bin.

HELMA: Harkje mantsje, alle dagen litsto dy troch alderhanne dwerslizzers út it doarp mei de meast ûnnoazele klachten opsadelje. Dy kroppest op en dan moat ik de earne boargerfader treastgje en bekleie. Dat wurdt mei de dei slimmer en ik ha der ûnderwilens skjin myn nocht fan!

SYP: *(is wekker wurden, giet sikkeneurich rjochtop sitten)* Hee sis, kin it net wat sachter? It is godsamme noch hast nacht!

HELMA: *(ferwûndere tsjin Rinus)* Wat hat dy boade de hiele nacht op kantoar te sykjen?

SYP: De boade hat justerjûn oeral amtlike stikken besoarge en de lêste brief wie foar de kroechbaas fan It Anker. Dêr bin ik fersyld rekke yn in lange diskusje en dêrnei wie it de muoite net mear en gean noch nei hûs.

RINUS: Lit 'm doch. Hy hat permisje fan my om yn útsûnderlike gefallen hjir te oernachtsjen.

HELMA: Ja, dat ken ik. Do joust sokke hânspeaken fan alles ta. 'Nee' sizze kinst net. Teminsten, net tsjin oaren. En my litst fertutearzje. Witst eins wol watfoar belangrike dei at it hjoed is?

RINUS: *(yt yntiid de beskút op en drinkt fan de tee, ferfeeld)* De stjerdei fan jim mem?

HELMA: Nee, idioat, ús troudei!

SYP: Sjochst Rinus. En om foar te kommen dat ik dy oait ferjitte soe, bin ik net troud.

RINUS: It spyt my, leafste Helma. Dat komt troch al dy ergernis en stress. *(hy grypt in bankbiljet út it laad)* Hjir hast fiif euro, no mar gau nei de winkel en keapje safolle bonbons en blommen as atst mar ha wolst.

HELMA: *(ferfrommelt it bankbiljet en smyt it op de grûn)* Witst wat ik doch menear de boargemaster? Ik gean nei de stêd en ik keapje wat leuks foar my sels! Dat komt my wol ta! Kom op, jou my de kredytkaart!

RINUS: Dy ha 'k net mear. Dy is stellen.

HELMA: Wat? Stellen? Wannear dat?

RINUS: Foar in wike as fjouwer werom.

HELMA: Hast dat by de plysje melden?

RINUS: Bist gek? Sa besparje wy in heap jild. Dizze moanne hat de dief noch net de helte opmakke fan watsto normaal opmakkest.

HELMA: *(lilk)* En soks moat ik op in dei as dizze oer myn kant gean litte? Dat in man **sa** feroarje kin. De ôfrûne jierren hiene we, wat my oangiet, wol oerslaan kinnen. *(ôf, se knalt de doar ticht)*

RINUS: *(nimt in pear pillen yn)* It begjint alwer goed. Dat wurdt beslist hommeles hjoed, ik fiel it oan myn wetter!

SYP: By safolle ergernis helpt myn medisyn better. *(hellet in flesse jenever achter in map wei)* Wolst ek in slokje? It reinicht en fersterket.

RINUS: Nee tanke. Ik soe net wolle datsto oars aansen te min hast.

SYP: Doe'tst noch gjin boargemaster wiest en we in potsje kaarte koenen wannear't we mar woene, ha ik dy wol es oars heard.

RINUS: *(mismoedich)* Ja, ja, dat wiene noch es tiden!

MARION: *(op, fleurich)* Goemoarn hearen! En, menear de boargemaster, hoe fiele wy ús hjoed?

RINUS: *(mei de tomme nei ûnderen)* Sa as altyd. Nettemin, goemoarn, Marion. Bliid ta dat ik teminsten in sekretaresse ha mei in goed sin!

MARION: (*achter it buro*) Mar eh, jo frou fleach my krekt foarby as in tornado! Binne jo soms de troudei fergetten? Ik hie 'm noch wol mei grutte letters op de kalinder set!

RINUS: Wy eh, wy hawwe it der wol even oer hân ja.

SYP: O ja, en hoe! Dat hat my sterke yn de miening dat je de houlikse steat nije moatte as de pest!

MARION: Menear de boargemaster, ik stel foar dat jo je no earst skeare, waskje en oanklaaie. En dêrnei soe ik in moai bosk blommen keapje.

RINUS: (*benaud*) Aha. En eh, hoefolle is dat moaie bosk blommen fertaald yn jild?

MARION: Doch gau sa'n tritich euro.

RINUS: Leave santjin, safolle? En eh, Syp soe dat doch likegoed...

SYP: Hee, is it myn troudei of dinen?

MARION: Dat kinne jo mar better sels dwaan. Jo witte ommers, ferline jier hat Syp de blommen út in tún stellen en de sinten fersûpt.

SYP: Net fersûpt, mar ynvestearre yn It Anker.

RINUS: (*grypt nei it liif*) O nee, de pillen begjinne te wurkjen. Ik moat nei 't húske! (*ôf*)

MARION: (*ropt him nei*) It waskjen en skearen net ferjitte! (*doar slacht ticht*) Hy hat hjoed wer in minne dei!

SYP: En wat tinkst fan my? O, dy holle! (*hy drinkt*) Ha, dat helpt!

MARION: (*set mei in klap it rút iepen*) Der hinget hjir wer in lucht, as wiene we yn de kroech!

SYP: (*set de flesse wer achter de map, sjocht yn de gong wei troch it rút*) Ha, dêr hast dat nijsgjirrich Aachje ek wer. Jans Pardon, it kletskanon! Dy hâldt de hiele dei yn de gaten wa't der hjir yn- en útrinne. En se freget der gewoan om dat de minsken har wat op de mouwe spjeldzje.

MARION: (*gnysket*) En dêr bisto goed yn. Benijd watst har no wer wiismeitsje silst.

SYP: Ik wedzje mei dy, at se deryn komt seit se: (*bout har nei*) "Goemoarn juffer Marion, goemoarn Syp. Sis, no ha ik doch tafallich troch it winkelsrút sjoen, dat...".

JANS: (*op, skelk foar*) Goemoarn juffer Marion, goemoarn Syp. Sis, no ha ik doch tafallich troch it winkelsrút sjoen dat mefrou Groenewoud hielendal út har dwaan nei bûten kaam. En net dat ik nijsgjirrich bin, mar wie der soms wat?

SYP: En oft der wat wie! Mar om dat it in útsûnderlike situaasje is, wit ik net oft ik it wol sizze mei.

JANS: (*wol him beprate*) Syp, do witst dat it net foar my persoanlik is. O wee sis, do soest noch tinke kinne dat it foar myn eigen plezier

is. Mar it giet om de klanten, dat witst doch. Dy freegje altyd om nijs en at je dan neat witte is ek raar no. En boppedat ha ik wat foar jim meinommen. (*hellet wat út de skelk*) Wat sûkelaadsjes foar juffer Marion en in slokje foar Syp.

SYP: Gewoane jonge kleare? Harkje Jans, wat ik wit, dat is oanmerklik mear wurdich.

JANS: Ha, at it nijs sa ynteressant is (*se hellet noch in oar fleske foar 't ljocht*) ha ik dêrfoar tafallich noch wat oars by my. (*jout it oer*)

SYP: Sjoch, dat sjocht der al better út. No dan, moatst hearre. Mar allinnich atst belofst datst it net fierder fertelst.

JANS: Earewurd, Syp! Gjin wurd komt my oer de lippen. Ik swar it!

SYP: (*gearspanned*) Jans, hâld dy fêst, frou Groenewoud is swanger!

JANS: (*hân foar de mûle*) O wee! Op har leeftiid? At dat mar goed giet!

SYP: En dat is noch net alles, Jans. Se krijt in twilling!

JANS: (*mei de mûle wiid iepen*) In twilling? O wee! En fan wa?

MARION: Mar Jans, fan de boargemaster fansels, fan wa oars?

JANS: Fan de boargemaster? Gosje sis, dan wurdt er heit.

SYP: Krekt Jans, dat hast goed sketten!

JANS: Mar wêrom wie se dan fanmoarn sa lilk?

SYP: Omdat de boargemaster gjin twilling wol!

JANS: O ja, dêr kin ik ynkomme. Op syn leeftiid noch bern krije is ek gjin sinekuere.

SYP: Sjochst wol. Mar harkje Jans, do moatst no wer nei de winkel. It soe my net ferwûnderje at de minsken no al yn de rige stean.

HELMA: O ja myn winkel! Dat is wier ek!

SYP: Mar gjin wurd, tsjin gjinien, begrepen?

JANS: Gjin wurd! (*skodholjend fuort*) Dat binne doch ek tastannen! In twilling! (*ôf*) O wee, en dat op dy leeftiid!

SYP: (*hat ien fleske al iepen makke*) Ha, it lean fan de leagen smakket yn elk gefal bêst!

MARION: Do bist net goed wiis! Frou Groenewoud swanger, en ek noch fan in twilling! Noch gjin healoere, dan wit elkenien it!

SYP: Wês bliid dat ik dy net mei in twilling opsadele ha.

MARION: Atst it weagest! Dan komt my ek wat yn 't sin oer dy!

SYP: At it wat te drinken opsmyt meist oer my fertelle watst wolst. (*sjocht troch it rût*) Gloeiende, ek dat noch! Hare majesteit mefrou Amanda en har jaknikker binne yn oantocht. No wurdt it mienens!

MARION: Hoesa? Hast soms wat útspoeke?

SYP: Ik? Hoe komst der by? Mar ik nim foar de wissichheid noch mar in slokje, foardat it sirkus begjint. (*drinkt*)

MARION: Watfoar sirkus? Neffens my bisto net skjûn op 'e hûd.

AMANDA: (*op, mei Emilius*) De boargemaster asjebleaft! (*mei de noas yn de wyn*) Hearken, wat in bedompte lucht hinget hjir, fynst net Emilius?

EMILIUS: Krektsa, Amanda, in bedompte lucht.

SYP: (*snúft*) Kloppet, kloppet. Mar dat wie sakrekt noch net sa.

EMILIUS: Weagje it net om...

AMANDA: (*ûnderbrekt him, batsk*) Mei him prate we net, Emilius!

EMILIUS: Krektsa, Amanda, mei him net!

MARION: Kin ik jim dan faaks helpe?

AMANDA: (*beslist*) De boargemaster asjebleaft! Ik fal net graach yn werhelling.

SYP: Witste, Marion, (*bout har nei*) mei ús prate se net.

MARION: Krektsa Syp, mei ús net! (*se ropt nei de doar links*) Menear, sitte jo noch op de pot? Der is klandyzje! (*harket even, dan tsjin Amanda*) Menear freget noch even geduld. Hy kin soms oeren op de pot sitte.

AMANDA: Hoe ordinêr, netwier Emilius?

EMILIUS: Krektsa, Amanda, ordinêr.

RINUS: (*op, de moarnsjas hinget sa fier iepen dat syn ûnderguod yn 't sicht is, hy skodhollet*) Wie ik doch hast op de pot yn sliep fallen... Ha, goemoarn, frou Uitterhoeve! (*wol har de hân jaan mar sy lûkt de hân oan*)

MARION: (*kochelt*) Jo outfit, menear, skynt net alhiel yn de smaak te fallen by de besite.

RINUS: (*docht de jas ticht*) O pardon, jim komme hjir net foar it útsicht. Mar eh, gean sitten asjebleaft. En, hoe is 't mei jimme?

EMILIUS: (*giet sitten*) Tanke, it giet ús goed.

AMANDA: (*lûkt 'm wer fan de stoel ôf*) It giet ús net goed en sitte wolle we likemin, netwier Emilius?

EMILIUS: Krektsa, Amanda. Sitte wolle we net.

SYP: Mar dêrom giet it mei ús des te better, netwier Marion?

MARION: Krektsa, Syp.

RINUS: Kalm no. Wy ha hjir in ernstich ûnderhâld.

SYP: Dêr't dy klean fan dy perfekt by passe.

RINUS: Frou Uitterhoeve, ha jo wer problemen mei in kraaiende hoanne, of mei de repetysjes fan de blaaskapel, of mei de tsjerkeklokken? Koartsein, jo wolle wer in klacht yntsjinje oer lûdsoerlêst?

AMANDA: Folle slimmer, netwier Emilius?

EMILIUS: Krektsa, Amanda, folle slimmer!

AMANDA: (*doelt op Syp*) It giet om dizze persoan!

SYP: Dizze persoan hjit fan Syp en is gemeenteboade, netwier Marion?

MARION: Krektsa, Syp.

RINUS: Stilte no! (*kochelt*) Frou Uitterhoeve, wat hat dy man misdien?

AMANDA: Wy tsjinje in oanklacht tsjin him yn fanwege tabringen fan lichaamlik letsel. Dizze man is in gefaar foar de maatskippij!

RINUS: (*skrokken*) Hat er jim mishannele?

EMILIUS: Us net, folle slimmer, netwier Amanda?

AMANDA: Krektsa, Emilius. Us net, mar ús lytse ûnskuldige Nefertete, dy't gjinien kwea docht, netwier Emilius... (*se snokkert koart*) In bûsdoek, Emilius.

EMILIUS: (*jout har dy*) Krektsa, Amanda. Us lytse Nefertete... (*snokkert ek koart*)

RINUS: Mar sis no earst es, wa yn godsnamme is Nefertete? Jo dochter faaks?

SYP: Dat is it skoathûntsje fan mefrou en menear. In lytse rô't mei permanint, strikjes en krolspjelden!

AMANDA: (*doelt op Syp*) Dit personaazje woe ús grûngebiet oprinne.

SYP: Ik woe de oanslach foar de rioelbelesting yn de bus dwaan en ik hie **gj**in helikopter by my dus ik koe it **net** út de loft dwaan.

AMANDA: Ik sei him dat er ús grûngebiet daliks ferlitte moast en Nefertete help my dêrby. Ik sei tsjin har: gryp dizze ynkringer en hy, hy...

EMILIUS: Wat hat er dien?

AMANDA: Dat kin men net mei wurden omskriuwe, netwier Emilius?

EMILIUS: Krektsa, Amanda. Dit ûnminske helle mei **ien** foet út en rekke it dierke yn har bekoarlike sitflak, wê'troch't it leave dierke as in kattepûl ús swimparadys ynskeat, netwier Amanda?

AMANDA: Krektsa, Emilius. It hie mar in hierke skeeld, of ús lytse ûnskuldige Nefertete wie ferdronken. En hoe't se der útseach! Fuort dêrnei moasten we mei har nei de kapper. En wa wit hoelang at it duorret foardat har sierlike kroltsjes fan froeger wer hielendal werom binne, netwier Emilius?

EMILIUS: Krektsa, Amanda, wa wit.

RINUS: (*ûnleauwich*) Och kom sis. Samar mei ien inkele traap regelrjocht it swimparadys yn? In hûn? (*bewûnderjend nei Syp*) Sûnder datst foarôf oefene hiest?


AMANDA: Emilius, hy wol ús net leauwe. (*doelt op de grûn*) Toe gau, op knibbels do. We sille it him sjen litte, netwier Emilius?

EMILIUS: (*as in skoathûntsje op hannen en fuotten*) Sa'tst wolst, Amanda.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto